

## Yn it snobbersguod geberchte

In swalker kaam it paadsje del  
Op in jûn by de lêste sinne  
By it fjoer sei er, goede freonen  
Ik moat noch fierder rinne  
Ik bin op wei nei in hiel fier lân  
Dat leit neist glêsfonteinen  
Kom mei dan sille jim it sjen  
It snobbersguod geberchte

Yn it snobbersguod geberchte  
Leit in bjusterbaarlik lân  
Kinst der eltse dei útsliepe  
Fynst kadootsjes yn it sân  
Hast gjin noed dêr en de sinne  
Skynt de hiele waarme dei  
Fûgels, bijen, huningcream  
En in sigarettenbeam  
In limonadefeart  
In limonadefeart  
Alles kostet neat  
Yn it snobbersguod geberchte

Yn it snobbersguod geberchte  
Bin gjin plysjes mei in hûn  
Wurde moarns sêftseane aaien  
Yn 'e hinnehokken fûn  
De hâven hingje fol mei fruit  
Yn 'e skuorren leit farsk hea  
Dêr't ik hinne gean  
Hat men snie ferbean  
Is gjin rein en wyn  
Mar sinneskyn  
Yn it snobbersguod geberchte

Yn it snobbersguod geberchte  
Dochst nea skjinne sokken oan  
En de minsken groetsje freonlik  
Wat dat is dêr hiel gewoan  
Der komme streamkes alkohol  
Sa út de rotsen wei  
Alles is der gol  
Hast 'er marren fol  
Mei stampot en mei whisky  
Foar wa't farre wol  
Yn it snobbersguod geberchte

Yn it snobbersguod geberchte  
Sit nimmen yn 't gefang  
De muorren bin fan pakpapier  
Net ien sit dêr dus lang  
Men hat de gek opknope  
Dy't sei, do moast oan't wurk  
En de hiele brot  
Oan ark is fuort  
Gean der nea wer wei  
Sliep de hiele dei  
Yn it snobbersguod geberchte

Ik sjoch jim fan 'e hjerst wol wer  
Yn it snobbersguod geberchte

Durk Dijkstra Berltsum